

Tineke Steenmeijer-Wielenga:

‘Tresoar moat memmebedriuw wurde fan histoarysk Fryslân’

Meindert Schroor

Op 6 desimber 2002 naam ien fan ús trouste meiwurkers, Tineke Steenmeijer-Wielenga, op in passende en sfearfolle wize ôfskie as direkteur fan it Frysk Letterkundich Museum en Dokumintaasjesintrum (FLMD). Dat wie hja earst sûnt 1986 as opfolger fan Freark Dam, mar mei't hja yn 1972 al as frijwillichster begûn is by it FLMD, hat Tineke lykwols al mei al sa'n foech tritich jier in warbere rol spile yn de wrâld fan de Fryske literatuer. Dat mei in beheind wurkterrein lykje, mar der giet dochs wol sa it ien en oar yn om.

It gong by de skiedende direkteur net allinnich om it sammeljen, dokumintearjen en útdragen fan wurk fan oaren, hja waard sels ek troch Calliope en Melpomene oansprutsen en skreau ûnder oare resinsjes foar de Ljouwerter Krante, poëzij, in biografyske roman oer Nynke fan Hichtum en tegearre mei har man Frans Steenmeijer twa detectives. Genôch stoffe om ris mei har te praten yn de gesellige direksjekeamer fan it letterkundich museum, dêr't net allinne Tineke, mar ek it FLMD troch it opgean yn Tresoar meikoarten ôfskie fan nimme moat.

Lit ik mar fuort mei de "honneurs" út ein sette: in lintsje, ofsier yn de oarder fan Oranje-Nassau, is dat net wat âldfrinzich, wat fûnst dêrfan?

Ik haw it tige wurdearre, hoewol 't ik út in SDAP/PvdA-fermidden kom, dêr't soks net al te bot op priis steld waard. Faaks achtsje guon it sjiker en yn alle gefallen beskiedener en wegerje in ûnderskiedener, mar sa tink ik der net oer. Ik bin der hiel wiis mei. Doe't Frans fan 't maitiid by syn ôfskie as wethâlder fan East-Stellingwerf in lintsje krige, sei ik al spontaan dat soks my ek wol aardich lykje soe, mar stjerrende wier, ik haw der dêrnei noait wer oer neitocht en hie hielendal neat yn 'e rekken doe't boargemaster Margreeth de Boer oankundige waard. Pas doe't ik in amtner mei in doaske seach, tocht ik, 'o jee'. Frou de Boer hie trouwens in goed ferhaal en tagelyk yn geef Frysk. Ik wie tige ferrast en haw har letter noch komplimintearre en har frege oft it de earste kear wie dat hja sa lang yn it Frysk speechte. Hja fertelde doe, dat har earste Fryske taspraak ta gelegenheid fan de oerwinning fan it Ljouwerter skûtsje en de huldiging fan Ulbe Zwage west hie. Neffens my hat se wol wat in Fryske eftergrûn, it ferhaal kaam der alteast neat net ûnwennich út. En ja, de wjeraksel tsjin in keninklike ûnderskieding wie thús destiids in logysk útfloeisel fan de republi-

keins gedachte yn SDAP-fermiddens. Iksels sjoch it lykwols as in moaie kroan op myn wurk.

Dêr op ynheakjend: ik nim oan datsto oan it begjin fan dyn karriêre bepaalde ideeën en opfettings hiest oer de of dyn takomst. Hoe sjochsto tebekjend dêr no tsjinoan?

No ja, ik woe altiten gewoan learares wurde. By ús thús wurke elkenien yn

it ûnderwiis: ús heit oan 'e ulo en ús mem op 'e legere skoalle. Doe't ús mem yn 1942 troude, krige hja fansels dien, mar nei de oarloch wie der in grut ferlet fan ûnderwizend personiel en doe is se 'fêste waarnimmer' wurden. Hja stie geregeld foar de klasse, mar wol hieltyd wer oan in oare skoalle. Myn twa jier âldere suster siet doe ek al op skoalle, mar ik noch net. Mem hat doe betinge dat ik mei mocht, as hja wurke en sadwaande waard ik hyltyd wer yn in oare beukerklasse 'dropt'. My tinkt dat ik my dêrtroch sa maklik oanpas oan feroarjende sitewaasjes! Nee, gekheid, fansels, mar ik bin net bang foar nije dingen. Letter krige ús mem in fêste oanstelling en hja hat it lesjaan folhâlden oant se beppesizzers krige. Dat in frou ek wurke, hat foar my altyd hiel gewoan west.

Trouwens, om noch even fierder te gean oer dy ûnderwiistradysje yn ús famylje: ús heit syn iene suster en mem har suster wiene ûnderwizeres, myn suster is lânbouhúshâldlearares wurden. En de beide oerpakes fan memmekant



Tineke Steenmeijer-Wielenga yn har kantoar. (Foto: Paul Janssen)



It pân fan it FLMD oan de Grutte Tsjerkestrjitte yn Ljouwert . (foto: Paul Janssen)

wiene al haad fan in skoalle, de iene yn Niebert en de oare yn Drouwenerveen. Heit, wol in echte Fries, hikke en tein yn Rie, wie de âldste soan fan in feehâlder/gernier en as der doedestiids wat yn in bern siet en it hoegde heit net op te folgjen, omdat der noch trije jongere bruorren wiene, dan wie de kweekskoalle wol sa'n bytsje it heechst berikbere.

Wer dat Fryske ferlet fan fêstogens, fan oerheidsbaantsjes, titels en dekoarum. Plysje-agint of ûnderwizer.

Ja, dêr hasto lêsten oer skreaun, oer it ferskil tusken Grinslanners en Friezen wat beropskar oangiet. Mei myn Drints-Grinzer komôf fan memmekant, hie it foar my ek wol útdraaie kinnen op wat aventoerlikers, mar dat oanpoenen fan bern om in baan by de oerheid krije te kinnen, dêr werken ik wol wat

yn. It hat ús heit fansels net meisitten: doe't hy syn akte helle hie yn 1934, siet Nederlân djip yn 'e krisistiid en krige er de earste jierren gjin fêst wurk. Ik bin fan krekt nei de oarloch en doe wie it perspektyf better. Ik koe op 'e legere skoalle goed meikomme en mocht nei de HBS (Hogere Burger School). Dy wie yn Doardt, dêr't ik opwoeksen bin, opnommen yn in lyseum en de rektor dêrfan bearde frijwat oer in klassike oplieding. Omt ik in talemynske bin en de rektor fûn dat ik nei it gymnasium moast, liet ús heit him omprate en sa kaam ik nei de ûnderbouklasse yn de gymnasiumôfdieling te lâne. Dat wie wol de oplieding dy't goed by my paste, de alfa-kant dan fansels, want yn de eksakte fakken haw ik nea in útblinken west. Dêrnei bin ik nei de universiteit yn

Utert gien. Mar ja, ik woe fansels krekt yn 'e tiid dat der tefolle histoaryske wiene, skiednis studearje. Allegearre stikken yn 'e krante dy't warskôgen om jins bern net skiednis kieze te litten, om't dat allinne mar in oplieding ta wurkleaze wie. Dêr hie ús heit fansels alle ûnderfining mei en hy trune my dan ek oan om in oar fak te kiezen dêr't ik mei oan 'e slach kinne soe. Hysels joech ek noch lessen oan in jûnsskoalle en dêr wie in kollega Nederlânsk, dy't ik ek as dosint hie. Wat meiïnoar prate, do kinst dat wol. 'Do moast dyn dochter Nederlânsk dwaan litte, Neerlandisy is altyd ferlet fan; dat fak wurdt nea ôfskaft' en sa. Om koart te kriemen, ik haw my troch ús heit omprate litten. Ik haw mysels lykwols nea in echte Neerlandika field en altyd mear niget oan skiednis hâlden. Ik folge tidens myn stúdzje safolle mooglik kolleezjes skiednis. Neerlandisy waarden sowieso doe mear mei skiednis konfrontearre as hjoeddedei. Ik rûn foar de aardichheid ek regionale skiednis by W. Jappe Alberts en dy wie tegearre mei professor Gerbenzon dwaande en jou lytse Fryske kroniken út. Jappe Alberts joech wurkkolleezjes, dêr't allegear histoaryske oan meidiene en hy liet my ek wolris it ien en oar útsykje. 'Do kinst wol Frysk lêze, freegje mar ris oan Gerbenzon ofst dêr net wat mei kinste'. Dat Frysk koe ik fanwege de famylje. Thús praten wy gjin Frysk, mar yn de fakânsjes wiene wy altyd by pake en beppe, dat sadwaande.

Ik bin doe nei Gerbenzon gien en mocht meiwurkje oan dy publikaasje. En ik moat sizze it is fansels hiel aardich, asto as earstejiers fuort meidwaan meist oan sa'n projekt. Fia Gerbenzon bedarre ik by de kolleezjes Frysk. Dêr diene net safolle studinten oan mei en dêrtroch hiesto in protte persoanlik kontakt sawol mei de dosint as mei de oare studinten.

Hiest yn dy tiid nooit yn de efterholle dat dit faaks nochris op Fryslân útrinne soe?

No nee, ik woe gewoan learares Nederlânsk wurde; wol as it efkes koe mei in dûbeld foech, foar Nederlânsk en foar skiednis. Dy mooglikheid bestie doe noch, hoewol de dosinten skiednis dêr net sa bliid mei wiene. Hja wiene fansels deabenaud dat har eigen studinten net oan de bak komme soene en sadwaande waard de latte frij heech lein. Lang om let haw ik de omswaa makke nei it Frysk as haadfak en it Nederlânsk as doktoraal byfak, wêrtroch

ik wol in earstegraads foech Nederlânsk haw. Dan hie ik yn elts gefal de mooglikheid om myn eigen brea te fertsjinjen! Professor Miedema, de opfolger fan Gerbenzon, hat my oerhelle om foar it Frysk te kiezen en doe koe ik ek student-assistinte wurde. Ik studearre 'fan thús' en as fjirdejiers woest ek wolris wat jild fan dysels om hannen hawwe.

Hoe bist dan yn 'e frede op Skylge kaam?
Eins poer tafallich. Wy wiene op wurkolleazje by Miedema dwaande dialektlisten út de Provinsjale Biblioteek (PB) yn Ljouwert te bestudearjen, dy't Joast Halbertsma foar syn wurdboek ynfolje litten hie troch *native speakers*. Foar Skylge wiene dy listen opstjoerd troch de fan it Amelân ôfkomstige menniste dûmny J.S. Bakker (trouwens ek de dichter van *Schylge myn lântse*, it Skylger folksliet). Der leine noch mear hânskriften fan Bakker, ûnder oare in bewurking yn it Skylgers fan in hiel lang fers fan Tollens, *Aan een gevallen meisje*, en hy hie publisearre yn Fryske tydskriften. Oer al dat Skylger (Westers) materiaal haw ik myn skripsje skreaun. Miedema makke syn haadfakstudintes fuort lid fan de dialektekommissje fan de Fryske Akademy (FA) en advisearre my om kontakt te lizzen mei de FA om der sadwaande wat yn te kommen yn it Fryske fermidden en sa bin ik der yn rôle. De FA hat myn skripsje yn boekfoarm útjûn. Dêr haw ik doe yn 1976 de Skylger Lutinepriis

foar krige. Hawar, fan it iene komt it oare en troch myn ûndersyk yn it âld argyf fan it Selskip 1844 kaam ik op it spoar fan de orizjinele hânskriften as nijsgjirrige en net te missen boarnen. Omt ik allinich beskikte oer fotokopyen, tôge ik nei it FLMD om de orizjinele brieven fan Bakker te besjen. It stiet my noch goed by. Hoe giet soks. Do hast in fotokopy en ik gyng der fan út dat in bepaald brief yn in bepaalde slúf sitten hie en dêrút hie ik, fia it poststimpel, fuort ek mar de datearring ôflaat. Mis fansels. Doe't ik it orizjineel seach, hie ik al gau yn 'e rekken, dat dat net koe fanwege de tearen, dy't op in oar formaat slúf wiisden. Doe begriep ik dat it hiel wat oars is as jo echte stikken yn hânnen hawwe of allinnich mar kopyen. Ja en Freark Dam, dy't my dyselde deis op 'n paad holp yn 'e argiven. Oan him haw ik in soad te tankjen. Hy hat my binnenhelle by it FLMD en hie der aardichheid oan dat der in studinte wie dy't sok materiaal út 'e 19de ieu bestudearje woe. Troch myn ûnderfining dy earste kears op it FLMD krige ik al it idee: dêr soe ik graach oan 'e slach wolle. Frans wie yn 1970, it jier dat wy beide ôfstudearren en trouwe soene, al warber foar de VVD yn de lokale polityk en der wiene ferkiezings op kommende wei. Hy stie ynearsten op in ferkiesber plak foar in riedssit. As er doe yn 'e rie kommen wie, wiene wy yn Utert bleaun. Der siet lykwols wat beweging

yn de ôfdieling en dêrtroch waard de kandidaatlist frijwat wizige. Frans hat him doe weromlutsen en wy binne nei it Noarden tein. Ik woe graach nei Fryslân, hy nei Drinte, it waard – moai kompromis – Easterwâlde.

Wie dat in grutte oergong, fan Utert nei Easterwâlde?

Yn it begjin woe ik soms wol tsjin de muorren op, dy oergong fan it studintelibben nei in bestean as húsfrou mei in lytse poppe op in doarp wie slim grut, al hoe wiis ik wie mei myn man en bern. Ik bin úteinlik nei it FLMD stapt (it wie 1972) en haw frege oft ik gjin frijwilligerswurk dwaan koe. Yn 'e trant fan 'it smyt net in sint op, mar it sparret in psychiater út'. It wie tagelyk de tiid fan demokratisearring rûnom en doe't de Folkshegeskoalle yn Bakkefean fia in advertinsje om bestjoersleden frege, haw ik - ek om ûnder de minsken te kommen - fuort reagearre. Sa is in jier letter, wy hiene ûnderwilens twa bern, ek myn bestjoerlike karriêre begûn: earst de Folkshegeskuolle, dêrnei de Fryske Akademy en it Frysk Genoatskip. Doe't ik in folsleine baan krige, haw ik alle bestjoersfunksjes opjûn, mar de lêste jierren siet ik wer yn it bestjoer fan it Nederlands Literair Productie- en Vertalingenfonds en yn Je Maintiendrai Fryslân. Yn de kommende moannen sil ik fan beide ôfskie nimme. As wy anast yn Frankryk wenje, wol ik de agenda rom hawwe, wat net betsjut, dat ik net nochris wat dwaan wolle soe op it mêd fan de Fryske kultuer.

Der binne op 't heden allegearre ûntjouwings op it mêd fan de kultuer. Wy hawwe de Afûk en It Fryske Boek mei-inoar yn it Fryslân-hûs en okkerdeis is it nije ynstitút Tresoar (in fúzje fan it Ryksargyf, de Provinsjale Biblioteek en it FLMD) realisearre. Hoe sjochsto dat?

Wat de mooglikheden om gear te wurkjen oangiet wiene de fúzjepartners fan Tresoar it mei har trijen rillegau iens. Wy fûnen it ek in logyske fúzje. Dat lêste hat te krijen mei it feit dat wy alle trije provinsjebreed wurkje en eins ek noch út itselde nêst ôfkomstich binne. Ryksargyf en PB sieten lange jierren tegearre yn de Kânselarije en oant 1923 ek noch ûnder ien direkteur. It FLMD is yn it ferline ôfsplitst fan de PB. De Fryske Biweging wie yn de jierren fyftich fan betinken dat de PB him te min bekroade om it Frysk en de Frysk-letterkundige argiven. Doe is - mei alle meiwurking fan de PB nam-



De permaninte útstalling yn it FLMD oer libben en wurk fan Piter Jelles Troelstra (foto: Paul Janssen)



Portret fan Tineke Steenmeijer-Wielenga, makke troch Myrna Schuil

mers -, it ynysjatyf nommen om nei it foarbyld fan It Nederlands Letterkundig Museum en Documentatiecentrum yn De Haach yn Ljouwert in selsstannich museum foar Fryslân op te rjochtsjen. Dat hat goed west. Yn de rom fjirtich jier fan syn bestean is it FLMD útgroeid ta in ynstút mei in breed draachflak en in dúdlike funksje yn it gehiel fan de kulturele ynfrastuktuer yn Fryslân, mar dizze tiid freget mear 'massa' om de ûntjouwings byhâlde te kinnen, benammen op it mêd fan de automatisearing. Jins kolleksje moat digitaal sichtber bliuwe, oars dogge jo net mear mei yn 'e wittenskiplike diskusje. Wy fan it museum achten ús kolleksje wichtigernôch om de selsstannigens derfoar op te offerjen en de kâns te gripen om yn in grutter gehiel by de tiid te bliuwen. It gefoel yn it Ryksargyf en de PB natuerlike partners fûn te hawwen hat ús it betrouwen jûn om troch te setten mei de fúzje. Dat skuort net út, dat it op priemmen setten fan sa'n fúzje in bulte tiid, jild en enrzjy kostet, ek sjoen de kultuerferskillen, dy't der dochs noch blykten te wêzen.

Alle gear goed en bêst, mar soks spilet dochs altyd by fúzjes fan oerheids- en semi-oerheidsynstellings?

Dat is wol sa, mar sels nei de fúzje die bliken dat it noch tige yngewikkeld wie en meitsje de PB los út de provinsjale organisaasje. Wysels wiene in stifting en in stifting opgean te litten yn in iepenbier lichem is noch dreger. Op it hâlden en dragen fan in stifting is ommers gjin demokratyske kontrôle en dêrom moat soks by Keninklik Beslút tastien wurde en dat kostet op 'e nij wer tiid. Dêrfoar hiene wy al in hiel oerlistrajekt hân mei it Gemeenteargyf fan Ljouwert. Dat woe doedestiids alle oare gemeenteargven fan Fryslân der

ek by hawwe. Ut in ûndersyk hat bliken dien, dat de measte gemeenten dêr neat foar fielden.

Ha jimme besocht noch mear organisaasjes by de fúzje te beheljen?

Ja, it Histoarysk Sintrum Ljouwert dus, dat oan 'e ein ta fertsjintwurdige wie yn de Stjoergroep en yn in hiel ier stadium is ek noch praat mei it Frysk Filmargyf, mar hja woene leaver selsstannich bliuwe. It Streekargivariaat yn Dokkum hie ek wol meidwaan wollen, mar dat is ek op neat útrûn. Wy hawwe hieltyd sein: 'It nije ynstút moat genôch romte en budzjet krije om út te groeien ta in soarte fan sintraal fasilitêr ynstút foar Fryslân, in soarte fan memmebedriuw.' Der binne safolle mooglikheden om ta gearwurking te kommen, sûnderdat oare ynstutten har selsstannigens opjouwe. Sa wurdt bygelyks tocht oan de biblioteek fan it Fersetsmuseum. Boeken út dy samling soene bygelyks fia de PB útlind wurde kinne of se soene yn 'e stúdzjesaal fan Tresoar rieplachte wurde kinne. Soks jildt ek foar de byldkolleksjes fan it Fries Museum, de kolleksje Fryske toanielteksten fan Keunstwurk en eins al soksoarte samlingen. It soe goed wêze en lit it materiaal dokumintearje en digitalisaerje by Tresoar. Wy hoege dat materiaal net allegear yn 'e hûs te hawwen. Mei de automatisearing is op 't heden hast alles mooglik. De ûnderlinge 'kift' fan de ynstutten is, tinkt my, gâns lytser wurden, sûnt it kopiearapparaat bestiet. Dêrmei is it net mear sa wichtich wa't it stikje papier bewarret; de ynformaasje kin tenei op twa of mear plakken bewarre wurde en dat liket my namstemeard de baas út in eachpunt fan feiligens. Wat mear ûnderlinge gearwurking noasket my yn elts gefal wol. Boppedat, de besibbens fan de trije ynstutten sit him op it foarste plak yn harren kolleksjes. Yn it ferline binne der sa'n soad dingen tafallich by de PB, it Ryksargyf of it FLMD bedarre, dy't eins byinoar hearre. De fúzje jout kânsen om soks rjocht te breidzjen.

Hoe stiesto foar de oare organisaasjes en ynstutten oer, bygelyks It Frysk Genoatskip, de Afûk en de FA?

Ik soe it bygelyks hiel goed fine as de Fryske Akademy syn dokumintaasje by Tresoar ûnderbringe soe. Der is fansels in dúdlik ferskil tusken in wittenskiplik ynstút en in tsjinstferlienend ynstút lykas Tresoar. In wittenskiplik ynstút

is mear nei binnen ta keard en in tsjinstferlienend ynstút krekt oarsom. Wy helje graach minsken binnen om sjen te litten wat hjir oan rykdom is. De bân tusken it Frysk Genoatskip en it Fries Museum is hieltyd losser wurden en eins bin ik fan betinken dat de aktiviteiten fan it Frysk Genoatskip ek mear by Tresoar as by it Fries Museum thúshearre.

Úteinlik soe it it bêste wêze om alle dokumintaasje en byldmateriaal (ek dat fan it Fries Museum) by Tresoar ûnder te bringen. Net sasear om 'it hawwen', mar fanwegen de tsjinstferliening en de tagonklikens.

Mar dat soe oarsom ek betsjutte kinne dat eksposysjes dy't no by Tresoar hâlden wurde nei it Fries Museum geane.

Jawis en neffens my is dat ek hielendal gjin probleem, al moat de âlde museale funksje fan it FLMD binnen Tresoar wol oerein bliuwe. Ek wat ústallingen oangiet, kin der goed gearwurke wurde. In skieding tusken skiednis, literatuer en keunst yn it iene projekt en yn in oar krekt wer de kombinaasje fan disciplines. Sa kinne jo elkoar fersterkje en tagelyk elts op syn eigen terrein de saakkundigens grutter meitsje. Dan krijst ek dat ynstutten har op har kearntaken talizze en tagelyk mei-inoar in breder fjild bestrike. Sa soene bygelyks kursussen âld skrift of literatuer-skiednis allegearre wol troch de Afûk organisearre wurde kinne. Dy kinne dan troch Tresoar beskikber stelde dosinten en lesmateriaal brûke.

Wy binne de lêste jierren bûn oan it meitsjen fan produktôfspraken en moatte om it hurtsje prestaasjesifers leverje, dêr't dan de subsydzjebedragen oan keppele wurde. Ik haw my dêr yntuiflyt altyd tsjin ferset, omdat ik gewoan myn wurk dwaan woe en ferwachte, dat de subsydzjehouwers fertrouwen hiene myn ynset. Yn de foarm fan in jierferslach woe ik dan wol ferantwurdiging ôflizze. Mar sa wurket it net mear. Wy moatte ús folle mear realisearje dat wy ek sjen litte moatte dat it wurk dat wy dogge fertuten hat yn de maatskippij en dan mei kultuer ek wol wat jild kostje. In lân of regio moat wat foar syn erfgoed oerhawwe en oarsom wurde wy wat langer wat mear ôfreckene op wat wy prestearre foar al dat mienskipsjild en dat liket my úteinlik dochs net ferkeard, mar earder in moaie útdaging.